

*De Stifting Fryske Akademy docht wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân. Mei multydisziplinêr ûndersyk leveret de Fryske Akademy fernijende bydragen oan it ynternasjonaal wittenskiplik debat, draacht by oan it akademysk klimaat yn Ljouwert en Fryslân, en generearret ynspirearjende fûnemintele en tapasbere kennis foar en oer de maatskippij. Op dizze wize wurket de Fryske Akademy oan wittenskip op nivo, mei each foar maatskiplike ympakt en basearre op in sterk engaazjemint mei Fryslân en de Friezen. De Fryske Akademy is stevich yn de regio ferankere en is liearre oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW).*

*Campus Fryslân is de ambisjeuze alfde en nijste fakulteit fan de Ryksuniversiteit Grins, fêstige yn Ljouwert. Campus Fryslân is in ynterdissiplinêre fakulteit dy't nau gearwurket mei regionale, nasjonale en ynternasjonale partners oan wrâldwide (duorsumens)útdagings en lokale oplossings. De duorsume ûntwikkelingsdoelen fan de Feriene Naasjes foarmje dêrby in wichtige paadwizer.*

Fryske Akademy en Campus Fryslân sykje

## in promovendus

### Speech technology and computational modeling of Frisian-Dutch Bilingual Speech: *Switch, Loan & Change*

Wy sykje in promovendus foar in ynnovatyf projekt dat *code-switching* en lienferskynsels yn Frysk-Nederlânske twatalige spraak ûndersiket, dêr't laboratoariumsosjolinguiestyk by kombinearre wurdt mei in moderne spraaktechnologyske oanpak. Dit projekt draacht by oan sawol teoretysk begryp fan twatalige spraak as praktyske tapassings yn spraakwerkenning.

#### Fokus fan it ûndersyk

- Akoestysk en artikulatoarysk analysearjen fan *code-switching* en ûntliening.
- Untwikkeling fan *machine-learning* modellen foar automatyske deteksje en klassifikaasje.
- Yntegraasje mei spraakwerkenningssystemen fan heech nivo.
- Undersyk nei sosjolinguiestyke en kognitive faktoaren yn twatalige spraakproduksje.

## Fereaske kwalifikaasjes

- Master yn linguistyk, komputasjonele linguistyk, of lyksoartich ûndersyksfjild.
- Goede feardichheden yn it programmearjen (Python, machine learning frameworks).
- Kennis fan akoestyske fonetyk en spraakferwurking.
- Ynteresse yn eksperiminteel ûndersyksopset.
- Poerbêste akademyske skriuwfeardigens yn it Ingelsk.

## Underfining

- Kennis fan de Nederlânske en / of Fryske taal.
- Bekendheid mei of ynteresse yn spraakwerkenningstechnologyen.
- Underfining mei akoestyske en / of artikulatoaryske analyze fan spraak.
- Poerbêste kommunikative en gearwurkingsfeardichheden.

## Wy biede

- Folsleine finansiering foar 4 jier.
- PhD trainingsprogramma fan de Ryksuniversiteit Grins (Campus Fryslân).
- Oanfoljende training by de Netherlands Graduate School of Linguistics (LOT).
- Konneksjes mei de yndustry troch regionale partners.
- Ynterdissiplinêre ûndersyksomjouwing.
- Superfyzje troch sawol Campus Fryslân as de Fryske Akademy.
- In oanstelling foar 4 jier. Yn earste ynstânsje wurdt in kontrakt fan 1 jier oanbean, mei in ferlinging foar de oare jierren op basis fan in evaluaasje, konform de regels fan de Ryksuniversiteit Grins.
- It salaris, by in folsleine oanstelling, is € 2.901, - yn it earste jier, P skaal 0 smoarch yn 'e moanne, oprinnend oant € 3.707, - yn it lêste jier. Geunstige arbeidsbetingsten binne ûnder oare: fakânsjetaslach en ein-fan-it-jierútkearing, neffens de CAO Nederlandse Universiteiten. Wy biede in breed pakket sekundêre arbeidsbetingsten.

## Mear ynformaasje

- De sollisitaasjepetearen wurde pland yn de earste wike fan april. De oanstelling kin oanslutend begjinne, by foarkar net letter as 1 septimber 2025.
- Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei Prof. dr. Hans Van de Velde ([hvandevelde@fryske-akademy.nl](mailto:hvandevelde@fryske-akademy.nl)) of dr. Matt Coler ([m.coler@rug.nl](mailto:m.coler@rug.nl)), de haadbegelieders fan dit projekt.

## Diversiteit & ynklúzje

De Fryske Akademy hechtet wearde oan in wurkomjouwing dêr't elkenien him yn wolkom en wurdearre fielt. In wurkomjouwing dêr't omtinken yn is foar yndividuele kwaliteit en dêr't ûntwikkelingsmooglikheden yn foarop steane. Mei-inoar stribje wy nei in ynklusive kultuer dêr't wy ferskillen yn omearmje. Wy nûgje dêrom graach kandidaten út dy't mei harren eftergrûn en ûnderfining hjir oan bydrage wolle. By gelikense geskiktheid giet de foarkar út nei de kandidaat dy't it ferskaat binnen de Fryske Akademy fersterket.

## Sollisitearje

- Stjoer dyn CV, in motivaasjebrief en in paper út dyn stúdzjetiid mei.
- In bewiis fan dyn taalfeardigens Ingelsk (easken en frijstellingen binne te finen op: [Engelse taalvaardigheidsvereisten](#) | [Hoe kom ik aan een promotieplaats aan de RUG](#) | [Rijksuniversiteit Groningen](#))
- Stjoer ek de nammen en e-mailadressen fan twa minsken dy't wy om referinsjes freegje kinne.
- Stjoer dyn sollicitaasje op syn lêst op 17 maart 2025 om 12.00 oere nei de Fryske Akademy, oan dhr. Anne Mulder, HR Officer: [wurkje@fryske-akademy.nl](mailto:wurkje@fryske-akademy.nl).



KONINKLIJKE NEDERLANDSE  
AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

*Akwisysje nei oanlieding fan dizze fakatuere wurdt net wurdearre.*